

WAT IS EN DOCHT IT BOUN OM UTENS:

It Frysk Boun om Utens - fierder neamd It Boun - is de lanlike oerkoepeling fan 18 Fryske Kritten bûten Fryslân mei likernôch 2600 leden.

It Boun hat neffens it karbrief as doelstelling:

- in bân te lizzen tusken de Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn uterings, benammen yn de taal, te bewarjen en te befoarderjen;
- by oaren as Friezen, niget oan en begryp te bringen foar Fryslân, de Fryske taal, kultuer en skiednis.

It Boun docht soks ûnder oaren troch:

1. it oppakken fan gruttere saken, dy't de Kritten sels net of minder maklik regelje kinne
2. kontakten te lizzen en te ûnderhâlden mei ynstânsjes yn en bûten Fryslân oer de Fryske taal en it brûken dêrfan yn de media
3. de befoardering fan it ûnderwiis yn 'e eigen taal yn alle foarmen fan it ûnderwiis
4. it fuortsterkjen fan it toaniel en oare uterings fan kritelibben om soks op in sa heech mooglik nivo te krijen
5. it útwikseljen fan ynformaasje tusken de kritten
6. syn SBF (Sintrale Boeke Ferkeap) om Fryske boeken, cd's, kassettes en kaarten ûnder de oandacht fan de Friezen om utens te bringen
7. fia syn fertsjintwurdigers mei te praten/tinken yn ûnderskate organisaasjes oer saken dy't mei it Frysk en/of Fryslân te krijen hawwe
8. syn funksje as it oansprekpunt foar de Friezen om utens en foar de ûnderskate oerheden en oare ynstânsjes. It Boun kin dêrom foar wichtige saken der by helle wurde
9. it bieden fan in lanlik ramt foar it krite-wurk is fakentiids in betingst om foar guon subsydzjes yn 'e beneaming te kommen.
10. in lanlik gearwurkingsferbân kin in positive ynfloed ha op de Fryslân-promoasje fan spesifyk Fryske dingen, sa as it keatsen, skûtsjesilen, fierljeppen, aaisykjen,

ensafierder. De Bounskriten hawwe dêrby in ambassadeursfunksje

11. gelegheden te skeppen foar de bûtenfriezen om harren kreften te bondeljen en mei-inoar op te arbeidzjen en ûnderling kontakten te lizzen, te ûnderhâlden en te ferdjipjen.
12. harmonisearing fan de betingsten fan tagong ta Kritejûnen foar leden fan oare Kritten en it ûntwikkeljen fan sintrale aktiviteiten

Oprjochting fan "de Sékrite", Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 26 novimber 1971:

It idee om in Fryske Krite yn 'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de Fryske Krite yn Kampen), waarden hja it mei gauwens iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare Friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken dêr waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn 'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad west.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gauris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske Krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan 'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk deiblêd en de man de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 26 novimber wie dan de oprjochtingsfergadering yn "de Meerkoet", it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1ste foarsitter waard Hindrik Schiere (syn frou is no noch altyd op ús kritejûnen). It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, wêrfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn 'e Meerkoet.

(sjoch fierder op de oare side fan dizze struibrief)

oanslúten by it Frysk Boun om Utens

FRYSKE KRITEN SÉKRITEN FLEVOLÂN FAN LELYSTÊD



Binne jo al lid fan ús Krite?



Sjoch foar it bestjoer en it programma fan de kritejûnen op de oare side fan dizze struibrief

FRYSKE

KRITE

SÉKRITE

Yn die tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf. Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik "Taaie Teie". Op 12 maart 1974 koe it 300ste lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grêteste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 120 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitichgenôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech kampte mei in tekoart oan spilers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hânhâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

It sjongkoar stiet under lieding fan de diriginte Dorothy Kemperink en de pianiste is Sylvia Joustra.



Bestjoer fan de krite:

Funksje:	Bestjoerslid:
Foarsitter:	Jan Bijkerk, Schoener 4302, 8343VZ Lelystêd - till. 06 53766061
2e Foarsitter:	Johannes Fransen, Griend 3025, 8225 SR Lelystêd till. 0320 - 253749
Ponghâlder:	Gerrit Kingma, Kreek 125, Lelystêd till. 0320 - 245342
Skriuwer:	Luit Dijk, Saerdam 143, 8242 JL Lelystêd till. 0320 - 412444
lid:	Pietsje Kalsbeek, Groene Velden 178, 8211 BD Lelystêd - till. 0320 - 288405
lid:	Annie Noppers, Zwanenwater 56, 8245 BW Lelystêd - till. 0320 - 256363
lid:	Lies Bloem, De Zuid 19, 8251 BG Dronten till. 0321 - 313297

As jo lid wurde wolle fan ús krite, dan kinne jo skilje mei ien fan de bestjoersleden as emailje efkes nei:

sekrite@janbijkerk.nl

As jo graach sjonge wolle yn ús Frysk sjongkoar mail dan nei:

fetsje.meijer@tele2.nl

Data foar ús kritejûnen seizoen 2013-2014:

Datum:	Ynhâld fan de kritejûn:
10 oktober 2013	Jiergearkomste - 20.00 oere yn de Krakeling, Atol - Plaza yn Lelystêd
16 novimber 2013	Jûn mei Wiltsje fan Peazens - 20.00 oere yn Atol - Plaza
11 jannewaris 2014	Nijjierbesite mei Bob Akkerman - in ferteller fan ferhalen - 15.00 oere in de Krakeling, Atol - Plaza - seal iepen om 14.15 oere. Ek sil ús sjongkoar optrede.
15 febrewaris 2014	Mei-sjongspektakel - 20.00 oere yn Atol Plaza. Op dizze jûn kin eltsenien dy't Frysk ferskes meisjonge wol mei ús Frysk sjongkoar, komme en genietsje.
29 maart 2014	Toanieljûn - de toanielploech fan de krite Assen komt mei it toanielstik "Hûnehotel De byljende hûn" - 20.00 oere yn Atol - Plaza yn Lelystêd

Wy bringe 5x yn't jier in krantsje út, mei wederwarichheden fan ús Krite en oare Kritten.

It ledejild is jierliks € 12,-. De tagong foar it seizoen 2013-2014 is foar leden € 2,50. Net-leden betelje € 10,= de man/frou. Ek kinne jo stiper wurde foar € 8,= jiers, de tagong is dan € 5,= de jûn.